

Optocht



OPTOCHT

It ferhaal fan it libben
driuwt oan ús foarby.

En wa't oan'e kant stiet
dy docht lykwols mei.
It libben is ien optocht
dêr komst net foarwei.

In optocht fan lieten en sketskes lûkt jûn yn dizze
ien-frou-show oan ús foarby. En de fariaasje is einleas.
Leny sprint fan wein op wein en set geregeld de taskôger
op de ferkearde foet. Ommers it is op de iene wein noait
allinne mar fleurich en op de oare wein noait allinne
mar tryst.

En dan..... binne wy wol taskôger? Nee jûn net. Foardat wy
it witte sitte wy sels op'e wein, want de ûnderwerpen
binne út it libben fan aldendei..... it libben fan jo en
fan Leny.

Neat bysûnders dus en da's no krekt it bysûndere.
De optocht komt foarby en de optocht nimt dy mei,
dêr komsto net foarwei.



OPTOCHT

| | |
|--------------------------------|-----------------------------------|
| Optocht | Wytsma/Bijlstra |
| Op'e wein | Dijkstra |
| Twa kultuerdragers | De Vries (Tetman)/Bijlstra |
| Feintsje fan Menaam | Dijkstra/Pinelli |
| Trep nei de himel | Dijkstra/Scheele |
| De blauwe klep | Goinga |
| Moai mazzel | Dijkstra/Eskes |
| Toutsje út de brievebus | Van Vliet/Dijkstra/Van der Linden |
| De speech | De Vries (Leny)/Dijkstra |
| In trein fol masinisten | Dijkstra/Bok |
| In boer yn Bears | Dijkstra/Scheele |
| Sis it mar | Dijkstra |
| Taal der liefde | Dijkstra |
| Feroare | Dijkstra/Bijlstra |
| Lenykiller | De Vries (Leny)/Dijkstra/Scheele |

SKOFT

| | |
|-----------------------------|-----------------------|
| Optocht | Bijlstra |
| Net tocht | Dijkstra/Eskes |
| Och heden ja | Dijkstra |
| Assosjaasjes | Dijkstra/Eskes |
| De tút | De Vries (Leny) |
| Oars as oars | Dijkstra/Bijlstra |
| Pico Bello | Dijkstra |
| Vicky | Dijkstra/Jongbloed |
| Kloai en Wolden | De Vries (Tetman)/Bok |
| Utwryks en bûtendyks | Dijkstra |
| Lang gjin Fryslân | Dijkstra/Jongbloed |

Wizigingen foarbehâlden



MEIWURKERS

Leny Dijkstra-de Vries

Janny de Boer
Hubert Heeringa
Otto Jongbloed
Anke Piersma
Jochem de Jong

bas, drums
saxofoan, fioel
synthesizer, keyboards
fluit, synthesizer
technyk



F.l.n.r.: Otto Jongbloed, Leny, Hubert Heeringa, Anke Piersma en Janny de Boer.



| | |
|---|--|
| Teksten | Leo Dijkstra, mei bydragen fan Tetman de Vries Leny de Vries Baukje Wytsma Hylkje Goinga |
| Komposysjes | Addy Scheele Cees Bijlstra Johan Bok Otto Jongbloed John Eskes Ben van der Linden |
| Arranzjeminten | Otto Jongbloed Addy Scheele Cees Bijlstra Johan Bok |
| Regy | Thom van der Goot |
| Regy- en Produksje- assistinte | Saakje Docter |
| Toaniel-byld | Klaas Walta Liedwien van der Veer |
| Klaaiing | Liedwien van der Veer |
| Untwerp programma- boekje en affysje | Klaas Walta |
| Foto's | Rob Groenhuizen (Fotografisch Produktie Bureau) |
| Tekeningen flip-over | Geert Gratama |
| Technyk | Jochem de Jong |
| Ludsbân | Jan van Akker (mei tank oan Ir. J.S. Sipkema) |
| Printwurk | Rekladruk bv, Gytsjerk |

Optocht

Optocht : 1950, Leny mei suske Anneke en
broerke Tsjip-Tetman optúgd foar
de optocht by it midsieuwfeest yn
1950. It sukses gong alhiel nei Tsjip
dy't as ien-jierrige beuker
folleard oan'e piip luts.
"O, must dat kleintsje sien ju
met dat pypke", sa prate it folk
fan Achter de Hoven yn Ljouwert
de bydrage fan Leny en Anneke
de grûn yn. Dêr help de grutste strik
net tsjin.....

